



Royal Netherlands Academy of Arts and Sciences (KNAW) KONINKLIJKE NEDERLANDSE AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

[Review of: E. Hoekstra (1997) Vervoegde voegwoorden. Lezingen tijdens het
Dialectsymposium 1994]

Dyk, S.

published in

It Beaken

1999

[Link to publication in KNAW Research Portal](#)

citation for published version (APA)

Dyk, S. (1999). [Review of: E. Hoekstra (1997) Vervoegde voegwoorden. Lezingen tijdens het Dialectsymposium 1994]. *It Beaken*, 61, 58-60.

General rights

Copyright and moral rights for the publications made accessible in the public portal are retained by the authors and/or other copyright owners and it is a condition of accessing publications that users recognise and abide by the legal requirements associated with these rights.

- Users may download and print one copy of any publication from the KNAW public portal for the purpose of private study or research.
- You may not further distribute the material or use it for any profit-making activity or commercial gain.
- You may freely distribute the URL identifying the publication in the KNAW public portal.

Take down policy

If you believe that this document breaches copyright please contact us providing details, and we will remove access to the work immediately and investigate your claim.

E-mail address:

pure@knaw.nl

1. A.P. Versloot, Konsonantengemination in der Sprache der Wangerooger: eine Einmaligkeit unter den westgermanischen Sprachen. In: A. Petersen/H.F. Nielsen (eds.), *A Frisian and Germanic Miscellany*. Published in Honour of Nils Århammar (= Nowele 28/29). Odense/Bredstedt 1996, p. 241-250.

E. Hoekstra & C. Smits [red.] (1997)

Vervoegde Voegwoorden. Lezingen tijdens het Dialectsymposium 1994. (Amsterdam: P.J. Meertens-Instituut voor Dialectologie, Volkskunde en Naamkunde, ISBN: 90 70389 56 8, 145 s., f 19,75).

De titel fan dit boek is net allinne in fynst - hoewol, syn Fryske alliterearjende oersetting “Bûgde Bynwurden” bekket ek net ûnaardich - , mar hy yntrigearret ek fuortdalks. Ommers, bûging komt typysk foar by de grammatikale haadkategoryen haadwurd, tiidwurd en eigenskipswurd. Mar bynwurden? Dochs liket it der op dat bynwurden ek bûgd wurde kinne. Besjoch bygelyks in Frysk sintsje as *ik tink, datst net komst*. By de tiidwurdfoarm *komst* sjogge wy in elemint *-st* dat efter de stam *komplakt* is. Fan dat *-st* wurdt altyd sein dat it in bûgingsfoarm is, yn dit gefal fan 'e twadde persoan inkeltal. Datselde elemint *-st* stiet lykwols ek efter it bynwurd dat. At *-st* efter *dat* dêrmei ferlykber is, dan kinne jo yndied prate fan in bûgd bynwurd.

Yn it Nederlânsk komme bûgde bynwurden net foar, alteast net yn 'e standertaal. Mar yn 'e Nederlânske dialekten namstewear, dat gjin niget dat krekt it (doe noch: P.J.) Meertens-Instituut yn 1994 in symposium oan it ferskynsel wijde. De skriftlike delslach, alteast fan 'e measte lêzings, is te finen yn dit yn 'e rige “Cahiers van het PJMI” yn eigen behear útbrochte, mar typografysk kreas fersoarge boekje. It iennichste dêr't men op dat flak oer seure kinne soe, is op s. 95 de ferwizing nei skeanprint dêr't allinne mar ûnderstreking te sjen is.

De bondel kriget in wurd mei op reis fan (doe noch: direkteur) Jaap van Marle, dy't nei oanlieding fan it ûnderwerp fan it symposium mei rjocht yn 'e pleit giet foar mear, benammen ek taalkundige, stúdzje fan dialekten. Dy talen binne fan harsels natuerliker, omdat se minder beynfloede binne troch standerdisearjende ynstitútsjes lykas it ûnderwiis, en boppedat lit de moderne lingwistyk him hyltyd mear ynspirearje troch lytsere of gruttere ferskillen tusken talen. Dy beide arguminten jilde fansels útsoarte ek foar it belang fan 'e taalkundige bestudearring fan it Frysk, dêr't dizze selde bondel nammers twa treflike eksimpels fan jout. Al wat apart oan Van Marle syn ynlieding is, dat er oan it ûnderwerp fan it boek eins hielendal gjin omtinken jout, sadat de ôfsûnderlike stikken net yn in kontekst set wurde, en jo ek net gewaar wurde dat net alle artikels lêzings west ha, en net alle lêzings it ta artikel yn 'e bondel brocht hawwe.

It Meertens-Instituut sels leveret mar leafst de helte fan it totaal oan bydragen, en Ton Goeman tekenet sels foar twa artikels, beide fallend yn 'e kategory “net spektakulêr mar o sa nuttich”. Yn “De zeldzaamheid van Comp-agreement in taaltypologisch en historisch opzicht” lit er sjen dat bynwurdbûging net beheind is ta de hjoeddeiske Westgermaanske dialekten. Yn it Middelnederlânsk komt er ek al foar, al is it ferskynsel dêr beheind ta de twadde persoan inkeltal; de meartalsbûging yn it hjoeddeiske Hollânsk is fan letter datum. En de yndertiid troch Van Ginneken diene suggestje dat bynwurdbûging ek yn it Slavysk foarkomt, mei dan wat twifelich wêze, Goeman toant oan dat har yn Afrikaanske talen wol ferlykbere fenomenen foardogge. Syn oare artikel, “Historiografie van het onderzoek naar voegwoordvervoeging: een bibliografisch overzicht (1821-1996)” is in moai oersjoch fan eardere literatuer oer it

ûnderwerp. Dy oer it Frysk wurdt dêrby net fergetten, al begryp ik net rjucht wat de beide artikels fan Van Coetsem en fan Van der Woude yn 'e Brouwer-bondel fan 1960 oer de bynwurdlike 't yn dit oersjoch fan literatuer oer bynwurdbûging moatte. En foar dy frisisten dy't yn NOWELE de striderij tusken G. van der Meer en G. de Haan folge hawwe, bringt syn gearfetting fan 'e diskusje yn 'e Dútske literatuer oer de fraach oft it hjir no giet om in bûgings- of in klitisearringselemint grif in Aha-Erlebnis mei.

Eric Hoekstra & Caroline Smits, tagelyk ek redakteuren fan 'e hiele bondel, besjogge yn "Vervoegde voegwoorden in de Nederlandse dialecten: een aantal generalisaties" wat yngeander hoe't it ferskynsel him oer de Nederlânske dialekten ferspraat hat. It docht dêrby bliken dat der gjin oanswettend gebiet ûnderskaat wurde kin. Boppedat opponearret it ferskynsel him ek lang net altiten gelyk. Yn it westen bygelyks drukt it bûgingselemint allinne mar meartal út, wylst yn it easten de ûnderskate grammatikale persoanen werom te finen binne. Hja besykje en kom ta in tal generalisaasjes, dat noch neat net tafalt, want in tsjinfoarbyld is gaufeftich fûn. Opmerklik is al, dat bynwurdbûging gefoelich blykt te wêzen foar de persoansfoarm yn ynferzjeposysje. Yn in "uitleiding" besprekke de auteurs noch yn 't koart de konsekwinsjes foar de nijste generative opfettings, mar spitigernôch bliuwt dizze paragraaf wat yn in oanset stykjen.

Spesifyk op 'e sitewaasje yn 'e súdlike Nederlannen wurdt yngongen troch G. de Schutter. It docht bliken, der is in grut ferskil dêre tusken Flaanderen en Brabân, want de Flamingen kinne njonken de bûging ek noch allegearre subjekts- en objektsklitika oan it bynwurd plakke, wylst yn Brabân dêr allegearre neat fan te fernimmen is. De Schutter skriuwt it ferskil ta oan in parameter dy't foar Flaanderen posityf spesifisearre wêze soe, en foar Brabân negatyf. Mar miskien is dat etiket wol wat al te hastich op 'e oantroffen ferskynsels plakt: der blike oer en wer nochal wat lekken te bestean, en leafst hiene men ek sjoen dat gâns oarssoartige fenomenen ûnder de parameter beflapt west hiene.

Sûnder no foar regionaal sjauvinist trochgean te wollen, moat men dochs konstatearje dat it teoretysk nivo fan 'e bondel rêden wurdt troch de beide frisistyske bydragen. En dat is op himsels namste nuverder, om't bynwurdbûging yn it Frysk eins in tige marginaal ferskynsel is: it komt allinne mar foar by de twadde persoan inkeltal. Germen de Haan weeft yn "Voegwoordcongruentie in het Fries" earst ôf mei de opfetting sa't dy benammen troch G. van der Meer nei foaren brocht is, as soe hjir net sa lyk bûging mar klitisearring oan 'e oarder wêze. Dêrnei bringt er tinkt my goede argumenten by om dy bûging net op te fetsjen as it gefolch fan in ferpleatsing (kontra byg. Zwart en Hoekstra & Marác), mar as in foarm fan kongruinsje, en wol as in direkte kongruinsje tusken bynwurd en subjekt, dat hiel goed yn te passen blykt yn Chomsky syn meast resinte útstellen. Ek it oerflakkich ûntbrekken fan in subjekt (*datst komst*), de saneamde *pro*-drop, en de wat apartige foarmen mei in Schwa (*datste*) wit er sa in plak te jaan.

Jarich Hoekstra set de bynwurdbûging wat yn in breder perspektyf yn syn bydrage "*Pro*-drop, clitisering en voegwoordcongruentie in het Westgermaans". Hy parearret C.J.W. Zwart syn krytyk op twa eardere artikels fan sines en L. Marác en hâldt oerein dat bynwurdbûging al in needsaaklik betingst is foar *pro*-drop. Likegoed komt er, fral om't de klassike teory in berop dwaan moast op in min te definiearjen noasje "rike bûging", mei in oare opfetting fan *pro*-drop sels, wêrby't *pro* no as in leech klitik foarsteld wurdt. Trije soarten fan argumenten wurde dêrfoar bybrocht: (minimalistyske) teory-ynterne, histoaryske en it feit dat *pro*-drop yn it Westgermaansk beheind is ta de earste en twadde persoan, en dat dat mei it ferskynsel fan 'e syntaktyske klitisearring

by ynferzje allyksa is.

Allinne al de beide Fryske bydragen jouwe safolle stof ta fierder ûndersyk nei fenomenen lykas kongruïnsje en klitisearring dat it útkommen fan dizze bondel de muoite wurdich west hat. En immen dy't him yn 'e takomst jaan wol op it drege mar ek yntrigearjende mêd fan 'e bûgde bynwarden, sil der alhielendal net oan foarby gean kinne. In treflik ûndernimmen fan it Meertens-Instituut alsa.

Siebren Dyk (Fryske Akademy)

J. Ytsma (1995)

Frisian as first and second language. Sociolinguistic and socio-psychological aspects of the acquisition of Frisian among Frisian and Dutch primary school children. (Ljouwert: Fryske Akademy, ISBN: 90-6171-797-3, FA-nr 797, 208 s. f 30,- (foar leden en stipers FA f 27,50)).

Taalwinning, taalferoaring en taalhâlding binne de kearnwurden dy't yn Ytsma syn proefskrift sintraal steane. Ytsma wie mei syn dissertaasje foar my de lêste fan in rige Fryske promovendy dy't mei nijsgjirrich sosjolingwistysk ûndersyk op 'e lappen kamen yn de earste helte fan de njoggentiger jierren. Op dat hege wittenskiplik mêd is it dêrnei sa stil wurden, dat je soene hast bang wurde dat de Fryske 'baby-boomers' útpoept binne, wat it ûndersyk nei Frysk taalgebrûk oangiet. No mar hoopje dat dat net sa is en dat oaren in foarbyld nimme oan dizze skriuwers, want, lykas yn de oare proefskriften bard is, hat Jehannes Ytsma in nijsgjirrich boek skreaun. In boek dat oanset ta neitinken oer taalwinning, taalnoarmen en taalferlies.

Spitigernôch is oer taalwinning sels net folle yn *Frisian as first and second language* te finen. Ik sil útlizze hoe't dat neffens my komt, mar earst werjaan wat Ytsma dien en fûn hat. Doel fan it ûndersyk is om in antwurd te finen op de folgjende fragen:

1. Wat is de kennis fan (fan hûs út) Frysktalige en Nederlânsktalige bern fan it Frysk?
2. Wat hat dat te krijen mei de leeftyd en it geslacht fan de bern en de Frysk- dan wol Nederlânsktaligens fan de omjouwing dêr't de bern yn wenje?
3. Is de hâlding foar it Frysk oer dêrop fan ynfloed, en, by Nederlânsktalige bern, hoe sit it mei har motivaasje om Frysk te learen en har selsbetrouwen yn it brûken fan it Frysk?
4. Ferskilt de kennis fan it Frysk fan Frysktalige bern fan dy fan har âlden?
5. Hoe ferhâldt him de hâlding foar it Frysk oer en de motivaasje om Frysk te learen fan de Nederlânsktalige bern mei dy fan har âlden?

Yn it earste haadstik fan syn ûndersyksferslach jout Ytsma in ynlieding. Hy giet yn op de hjoeddeiske taalsituaasje yn Fryslân, dêr't it Frysk tuike tuike in foet tusken de doar krijt yn de formele domeinen en dêr't tagelyk, troch ûnder oaren demografyske ûntjouwings, it Nederlânsk in hieltyd grutter plak ynnimt yn it deistich libben. Ytsma pleatst syn stúdzje dan yn in helder oersjoch fan it sosjolingwistyske en taalsosjologyske ûndersyk dat de lêste fjirtich jier yn Fryslân dien is. Hy konkludearret dêrút, dat wol omtinken jûn is oan taalferskowing - wa brûkt Frysk wannear, en feroaret dat troch de jierren hinne - en taalferoaring - watfoar Frysk wurdt brûkt -, mar dat it oanwinnen fan it Frysk der oan no ta mar sunich fan ôf komt. Syn ûndersyk wol dat gat folje, mar dat slagget mar foar in part, lykas ik anst sjen litte wol. As lêste giet de skriuwer koart yn op it projekt *Taalpeiling yn Fryslân* (De Jong & Riemersma, 1994),